


32e jiergong - nûmer 1, jannewaris 2009

# 't Skieppesturtsje



Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.

# Kraanverhuur **D. Breeuwsma**

\*Mini- & midi-kraanverhuur

\*Slootreinigen

\*Transport met oprijauto (tot 8,5 ton)

\*Agrarisch gerelateerd werk

06-53886149

dbreeuwsma@hotmail.com

**Westerskatting 4, Oudega (W)**



't Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje en oare frijwilligers. De krante kin bestean troch frijwillige bijdragen fan de lêzers



## **Miedema Lighting** **Besparingstechniek**

Wilt u betrouwbare industriële verlichting die lang meegaat en weinig onderhoud kost? Dan zit u goed. Miedema Lighting ontwerpt en levert verlichtingssystemen en besturingssystemen voor industrieel en infra-structureel gebruik.

Redaksje-adres:  
Mireille Galema  
Sylroede 22  
8765 LW Tsjerkwert  
☎ 0515-579338

e-mail : mjryedema@hetnet.nl

## Redaksje:

Gerben Wijnja	Sylroede 4	0515-579348
Anneke Feenstra	Bolswarderweg 1a	0515-577117
Riemkje Lemstra	Sylroede 5	0515-579706
Fokko Rollema	Singel 8a	0515-579051

## Inhoudsopgave

Inhoudsopgave .....	1
Fan de redaksje .....	2
Skieppesturt 2008 foar doarpsfrou Hinke Brandsma .....	3
Vrijwillige bijdragen.....	6
Nieuws van stichting It Waltahûs .....	6
Stichting Windkracht 10 .....	7
Jaarverslag dorpsbelang Tjerkwerd e.o.....	8
Korps fan Tjerkwerd in boppeslach.....	11
Fan de iisklub fan Tsjerkwert.....	12
E.H.B.O. nijs .....	16
Uit de oude doos.....	17
Tsjerkwert en Dedgum skriuwe Alvestêdehistoarje.....	19
Met spoed gezocht:.....	21
Voor u gelezen.....	21
Koken met Riemkje .....	22
Roemenië Roept- actie 2008/2009 .....	23
Verlichting op het sportveld.....	24
Vrouwenvereniging Bidt en werkt Dedgum .....	25
Sensor Fryslân .....	26
Familieberichten .....	27
Even voorstellen.....	27
Afscheid.....	28
't Lamsearke .....	29
Snypsnaren.....	30

## Fan de redaksje

In nij jier, in nij nûmer fan 't Skieppesturtsje mei fansels de bêste winsken foar elkenien.

It jier begûn foar ien persoan út it doarp wol hiel bysûnder. It is ek net neat om útroppen te wurden ta SKIEPPESTURT fan 't jier. Dat oerkaam Hinke Brandsma en yn dizze edysje fan it doarpsblêd lêze jim der alles oer. It die ús as redaksje yn elk gefal hiel goed om ek te fernimmen dat elkenien it har o sa gunt. Hinke, dik fertsjinne hear! 2009 sil de skiednis yngean as it jier weryn betocht wurdt dat it hûndert jier lyn is dat de Alvestêdtocht op redens oprjochte is. Der ferskine allerhande útjeften oer dizze meunstertocht en wy fûnen it aardich om ris te sjen wat der hjir yn de âlde doaze mei foto's werom te finen is oer reedriden yn eigen doarp. (mei tank oan argyfman Gerrit Mulder) Dat risseltarde yn in kolleksje nijsgjirrich plaatmateriaal dêr't wy in kar út makke ha en dy treffe jim fansels ek oan yn dit nûmer dat ek folop omtinken jout oan winterske aktiviteiten fan it iisklubbestjoer.

Om koart te kriemen: dat wat ús eigen doarp en omkriten beweecht krijt wer alle omtinken. Wy winskje jim folle lêswille mei dit nijste Skieppesturtsje.

De redaksje



*Lok en Sein: goefrjeonen, sibben!  
Krêft en moed for 't skreppend libben!  
'k Winskje jimn' dit jier wer ta,  
Dat jimn' goed jimn' brochje ha.*

*Wy sjogge hjir in âlde nijjerskaart fan de pleats út 1849 dy't oan de Arkumerleane 1 stiet. Fan dizze kaart is ek in oare útfiering bekend. Dan stiet der ûnder: Uit de melkplaats Yn 'e yester.*

# Skieppesturt 2008 foar doarpsfrou Hinke Brandsma

*It is al wer ienentritich jier lyn dat de earste Skieppesturt it ljocht seach. Yn dy earste tritich jier waard in lúks selsskip oan doarpspommeranten de heechste doarpsear gund. No ja, pommeranten. Doch mar gewoan is men yn Tsjerkwert wend te sizzen, mar dochs .....*

*In doarp kin net bestean sûnder de ynset fan al dy frijwilligers dy't har de fuotten ûnder it liif wei rinne om it wolwêzen fan it doarp te stypjen.*

Tûzenen oeren wurk wurdt belangeleas skonken oan saken dy't it doarp bloeie litte. En bloeie docht it en dêr binne wy grutsk op. Sjoch mar ris nei de ynset fan de minsken dy't de boartestún by it sportfjild en de skoalle foar elkoar bokst ha. Betink it grutte doarpsfeest dat ôfrûne jier wer sa tige slagge wie. Der is mear, folle mear gelokkich, ek yn de plannenmakkerij, en dat makket it foar ús as redaksje alle jierren wer tige nijsgjirrich om de jierpriis ta te kennen.

## **Iisbaan droech**

No moat it ús al fan 't hert dat it spitich is dat de iisbaan yn dit jubileumjier fan de Alvestêdetocht droech stiet. En al hielendal omdat it no ek noch sierlik winterwaar wie. De spandûken mei teksten as: "Iisbaan it Klúnplak", "Gesloten wegens werkzaamheden" en "Pas op, droog wak" sprutsen boekdielen wat ús oanbelanget. Ek fine wy it in moai inisjatyf dat mei dizze eyecatchers de oandacht eefkes op dit soort saken festige wurdt. De namme fan it haventsje wie ek al sa'n kreative utering fan de 'denktank' fan de eardere kalkploech sille wy mar sizze: "It pierebadsje". Wy tinke dat dit yn elk gefal mear wurdearre wurdt dan it bekalkjen fan de ruten en neifolging fertsjinnet. En hopelik is de iisbaan dan ek folop yn 'e fleur, mei glânzgjend iis, wapperjende flagen, in moai stikje muzyk en in koek en zopie. Men hat der suver langst nei. Hawar, der moat wat te winskjen oerbliuwe.

## **Doarp en mienskip en omtinken foar de meiminske**

It takennen fan de Skieppesturt is alle jierren wer in feest. Ek al yn de tiid dy't der oan foarôf giet. It is net mear sa dat it tillefoanboek troch de redaksje neirûn wurde moat om in kar te meitsen, want ús list is nijsgjirrich genôch en leveret moaie oantinkens op. Dit jier wie dat al net oars en mei de Skieppesturt fan 2008 wurdt in nije rige ynset fan frijwilligers dy't harren ek folop jouwe oan doarp en mienskip. Ek foaral dat lêste is by ús nijste Skieppesturt in sterk punt dat wy tige wurdearre ha. Omtinken foar de meiminske fielt as in passende waarme jas dy't sy'n ynfloed jilde lit boppe alles út, dy't net kâld wurdt fan in kridytkrisis, dy't altyd trochgiet yn waar en wyn. Dy gedachte allinne al makket waarm.

## Riedseleftich

Nei dizze ynliding troch wurdfierder Gerben Wijnja waard it tiid om de seal witte te litten wa't dit jier de ivige rom krige om riigd te wurden oan it keatling fan ferneamde Skieppesturten.

Riedseleftich waarden de oanwêzigen op it spoar set: in frou, lyts, mar krigel, sa fluch as wetter en altyd wakker warber foar elkenien. In frou dy't wy eins wol rekkenje meie ta de autochtoanen fan it doarp, want de measten witte net better as dat hja hjir altyd wenne hat. En mei nocht en wille, mei ynset foar doarp en mienskip."

Ja, en doe wisten de measten wol wa't it wurden wie. Klaas Boersma wie der healwie it riedsel al wis fan en wiisde yn de goede rjochting mei de opmerking: "Dou bist is". Hy bedoelde Hinke Brandsma en hy krige gelyk. In waarm applaus klonk troch de seal fan ús doarpshûs foar Hinke Brandsma.



En wylst de fersierselen har útrikt waarden mei tank oan Rients van Buren fan de ienige schieppe- en laamsfacht loaierij fan Nederlân foar de treflike útfiering fan de earepriis, fertelde Gerben noch fan de kwaliteiten dy't yn Hinke Brandsma ferienige binne en dy't makke ha dat wy wer in Skieppesturt fan komsa riker binne.

## Kwaliteiten

Tige bekend fan de EHBO fansels, bestjoerlid fan de ôfdieling, by ûngelokken paraat (buordsje oan de muorre fan it hûs oan de Waltawei), jout praktykles oan de skoalbern foar it jeugd-EHBO eksamen. Boppedat wie se in waarm pleitbesoarchster foar de oanskaf fan de AED wat se tegearre mei Hinke Twynstra en Akke de Haan klear krigen hat.

Werom nei de begjintiid: mei har Marten behearder fan it Doarpshûs en dêrfoar hat se ek noch wenne yn de kosterwent en tegearre it kosterwurk foar it Ger. Tsjerkje beoardere dêr't Joop en Akke no sa geryflik tahâlde.

Se wie mei-oprjochter fan de fitnessclub foar froulju, presidinte fan de frouljusferiening, wie klubliedster fan de net mear besteande berneklub yn it Waltahûs op de frije woansdeitemiddeis, se bringt de Gemeentebrief rûn en help mei dy te nytsjen, rint mei hiel wat kollektebussen troch de buorren, wie aktyf foar de kleanynsamling fan de Aksje foar Roemenië, is frijwilliger yn it Waltahûs sawol mei it skjinmeitsjen as by de betsjinning.

## Brêgewipster

Elkenien ûnderfynt benammen simmerdeis de foarleafde dy't se hat foar de doarpsbewenners, in gebaar dat opfalt en kear op kear yn goede ierde falt. Skipkefolk moat fan har mar geduldich wachtsje foar de tichte brêge oant de eigen minsken der oer binne. Pas dan geane de hikken ticht en it brêgegat iepen. Dy minsken ha dochs fakânsje en ha it wol oan tiid, sa fynt ús eigen doarpsbrêgewipster.

En dan binne wy der noch net, want Hinke stiet altyd foar elkenien klear yn 't doarp. Is altyd ree om boadskippen út Boalsert mei te nimmen foar de âlderein yn 't doarp. Men docht gewoan nea fergees in berop op har en dat makket har ta de wurdearre doarpsfrou dy't ús heechste doarpsûnderskieding fertsjinnet.

Wat dat oanbelanget wie it treflik dat der noch ien kear in daverjend applaus foar ús nijste Skieppesturt fan it ôfrûne jier 2008 klonk wêrnei it nijjiersfeest echt losbarste koe.

## Koart weromsjen

Under it genot fan in glês sjampanje waard mei Hinke noch eefkes noflik neisitten yn de boppeseal. En dan heart men dochs wer oanfoljende bysûnderheden. Nea witten dat wy noch in twadde doarpsargivaris ha njonken Gerrit Mulder. Yn maaie wennet se 35 jier yn Tsjerkwert en fan alle jierren hat se in plakboek byholden fan wat der yn it doarp te rêden wie: knipsels, foto's, folders en fansels 't Skieppesturtsje. Skoanheit Gurbe Brandsma silger komt op't aljemint, ien fan de earsten dy't de doarpsear takend waard yn 1979 nei Jan Blanksma en Freerk Schakel. En wat in tafal dat se no mei Marten wennet yn it hûs dêr't skoanheit en dy eartiids ek wenne ha. It nije plakboek krijt fansels in bysûnder plakje want foaryn komt se no sels te stean, yn alle beskiedenheit want wy as redaksje hienen tocht dat se harsels moai foarop plakke koe. En sa bliuwt

Hinke de gewoane Hinke dy't se altyd is en bliuwe sil, in doarpsfrou dêr't men fan op oan kin, in Skieppesturt dy't past yn de rige dêr't in doarp grutsk op wêre kin.



't Skieppesturtsje | jannewaris 2009

# Vrijwillige bijdragen

Vrijwillige bijdragen zijn ontvangen van;

Fam. B. Algra Tjerkwerd, Fam. T.G. vd Meer Witmarsum, K. Talma-Abma Sneek, A. de Haan Bolsward, Mw. A de Jong Kollum, Fam. B. Miedema Tjerkwerd, Fam. R. D. Haytema Tjerkwerd, Fam. G. Folkertsma Eemswoude, U. Bakker-van Rijs Tjerkwerd, G. Mulder Tjerkwerd, Fam. J.A. Huitema Tjerkwerd, R. van der Wal Dedgum, Fam. B.H. Bruinsma Dedgum.

Namens de redactie, heel hartelijk dank voor uw bijdrage!

*Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding 'Bijdrage 't Skieppesturtsje' en het jaar waar het betrekking op heeft.*

*Bankrelatie; Fortisbank Bolsward*

*Rekeningnummer; 84.76.68.398*

## Nieuws van stichting It Waltahûs

Hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs. Allereerst een goed 2009 toegewenst namens de stichting!

Het jaar 2008 alweer ten einde, maar qua activiteiten zitten we nog midden in seizoen.

Het leek ons een goed idee om eens met alle vrijwilligers van gedachten te wisselen en te horen wat men nu zoal mist dan graag georganiseerd zou zien. Dus hebben we in oktober een avond georganiseerd. Deze avond is druk bezocht en heeft een heel goede lijst met veel punten opgeleverd.

Op 1 november kwam de band 4B's op bezoek en hebben een puik staaltje muziek staan maken, de opkomst was wat magertjes maar het is uiteindelijk een zeer geslaagde avond geworden.

Dit jaar hebben we ervoor gekozen om de vrijwilligers avond vroeg in het seizoen te organiseren en stond dus al voor 15 november gepland. Of het hierdoor kwam of door onbekendheid met het thema Mysterie, het aantal verkleedde mensen viel wat tegen. Echter de ingehuurde goochelaar was een groot succes en wist iedereen erg te verbazen met zijn vingervlugge trucs waarbij zelfs horloges niet veilig voor hem waren. Van zijn kaarten truc hangt het resultaat nog steeds helemaal bovenaan het plafond in de grote zaal!



De gecombineerde avond met kersstukjes maken en spelletjesavond viel qua opkomst een beetje tegen, wellicht kwam dit mede omdat die avond het EHBO examen afgelegd moest worden. Hopelijk de volgende keer beter...

Op Oud en Nieuw was It Waltahûs natuurlijk open tot in de kleine uurtjes. Zaterdag 3 januari was het een erg gezellige en geslaagde Nieuwjaarsbal. Naast de Skiepeesturt uitreiking hebben we ook stil gestaan bij de bestuurswisseling: Nellie is na 7 jaar afgezwaaid en Afke is ons komen versterken. Nellie, heel erg bedankt voor al je inzet en voor al die keren dat je de vrijwilligers gevraagd hebt om bar dienst te draaien of schoon te maken. Afke, van harte welkom in ons midden.

Voor de komende maanden hebben we eind januari nog de Playbackshow gepland en zullen vanaf januari de danslessen starten waarbij 28 maart het Slotbal zal plaats vinden. Verder is men al druk aan het oefenen voor het toneelstuk wat in de vorm van een theaterdiner zal worden gehouden eind februari, hierover zult u nog uitgebreid geïnformeerd worden.

Verder nieuws over de andere activiteiten kunt u zoals altijd te zijner tijd op de M.A.T. lezen.

In ieder geval veel plezier en gezellige avonden toegewenst namens het bestuur...!!!

## Stichting Windkracht 10

Zoals u ongetwijfeld de klappen van het heien voor de molens 7 en 8 eind vorig jaar hebt kunnen horen, verschijnen nu in januari de contouren van molen 7 en 8 aan de horizon. Als deze twee er staan, is de rij compleet.

In de laatste vergadering van dorpsbelang hebben wij onze bijdragen voor het jaar 2008 weer bekend gemaakt. De volgende bedragen zijn uitgekeerd: Fitness club € 200,--, Soos 60+ € 200,--, MAT € 270,--, Oranjevereniging € 1.000,--, St. Waltahûs € 2000,-- en Eensgezindheid € 5.200,--. Verder is er in 2008 aan de Speeltuin € 11.315,--, Pjuttehonk € 1.000,-- en Picosol € 250,-- uitbetaald. Tevens is aan Dorpsbelang/Sportclub een bedrag van € 3.500,-- toegezegd. Derhalve is er voor een totaalbedrag van € 25.000,-- uitgekeerd c.q. toegezegd.

Nu de jaarrekening 2007 gereed is en de opbrengst van de verkoop van de oude molens hierin verwerkt is, hebben we een goed overzicht van ons aandeel in Wynpark Beabuorren B.V. per 31 december 2007. Ons aandeel in het oude park was 12,5% en dat is met ingang van de start van het nieuwe park 8,33% geworden, mede door de inbreng van de opgeruimde molens nabij Tjerkwerd. Na de uitbreiding van de molens 7 en 8 wordt dit 7,2% van het totale park. Hierbij worden nogmaals 3 molens

opgeruimd en komt ook R. Hiemstra erbij als nieuwe aandeelhouder (molens komen op zijn land).

De waarde van onze deelneming bedroeg per 31 dec. 2007 € 163.500,-- en er was een banksaldo van € 28.000,--. Dus ons vermogen was € 191.500,--. In 2007 was ons aandeel in het resultaat € 88.000,--, waarvan wij € 33.000,-- als dividend hebben ontvangen, de rest is toegevoegd aan onze deelneming in de BV.

Wij, als stichting Windkracht 10, denken, dat wij als dorp best blij mogen zijn met ons aandeel in "Wynpark Beabuorren".

Jos Falkena

## **Jaarverslag dorpsbelang Tjerkwerd e.o.**

De lopende punten van het afgelopen jaar worden hieronder omschreven.

### **1. Woonbestemmingsplan**

Aanbesteding van de 8 twee onder een kap woningen was gepland voor eind januari 2008. Er bleken echter nog diverse juridische en financiële hobbels te nemen, die realisering van de nieuwbouwwoningen in het jaar 2008 onmogelijk maken. Pas halverwege 2008 wordt een aanvang gemaakt met het bouwrijp maken van de grond en het aanleggen van de wegen.

Na veelvuldig informeren bij en overleg met de gemeente komt dan toch in oktober het postieve geluid naar buiten dat de aannemers te weten, Ouderkerken en van Zuiden uit Tjerkwerd en Bouma/Nieuwenhuis uit Pingjum uitgenodigd zijn om in te schrijven op de kavels voor de twee onder een kap woningen. Indien de aannemers er brood in zien en zij binnen de voorgeschreven kostenraming van de gemeente blijven, is er een gerede kans dat de nieuwbouw in 2009 echt van start gaat. Dit betreft zowel de 6 vrije sector woningen als de 8 stuks twee onder een kap.

### **2. Speeltuin.**

De opbrengst van de bingo na de jaarvergadering 2007 was 440,- voor de speeltuin. In Maart waren de financiën rond voor de financiering van de speeltuin.

1231,60 pleinfest

440,- bingo

915,- actie steun

11000,- windkracht 10

2200,- gemeente

7000,- gemeente

7000,- provincie (pro plattelands project)

Begin September is Klaas Bakker begonnen met de uitvoering van de speeltuin.  
In zaterdag 18 oktober hebben Iris Feenstra (bedenker van de naam) en Jos Falkena  
(namens Windkracht 10) speeltuin "de Lamkespöle" geopend (zie foto).



De uitslag van het oplatens van de ballonnen is:

- 1<sup>e</sup> Sigrid de Boer (Denemarken)
- 2<sup>e</sup> Teake Tilstra (Lollum)
- 3<sup>e</sup> Femke Lemstra en Tara Boomkamp (Tzum)

Zij hebben inmiddels een prijsje  
ontvangen!



### 3. Walbeschoeiing Waltaweg/Friese meren project.

Langs de Waltaweg is er een houten walbeschoeiing gekomen, met enige lagere delen erin verwerkt voor het eventueel instappen in een kano.

Tevens is er een jachthaven aangelegd met boothelling.

Het feit dat er nog niet of nauwelijks boten in liggen komt door het feit dat de aannemer heeft verzuimd om de haven af te leveren op de juiste diepte.

Dit is reeds een aantal malen gemeld bij de gemeente en er komt een peilrapport van de haven, aan de hand daarvan zal de haven als het goed is voor aanvang van het vaarseizoen op diepte worden gebracht.

Op 18 april 2008 is er een bijeenkomst geweest van belanghebbenden in het Waltahus met betrekking tot de verdeling van de ligplaatsen.

Er is op die avond een havencommissie opgericht die bestaat uit Rients v Buren, Klaas Boersma en Johan Huitema.

De raad van toezicht bestaat uit Ids Schukken en Wico Hekkema.

Bij deze commissie kan een ieder zich aanmelden indien hij of zij belang heeft bij een ligplaats in de haven of aan de kade.

De wijze van opgeven is als volgt, in januari kunnen belanghebbenden zich melden bij de commissie waarna deze eens per jaar een verdeling van de ligplaatsen maakt en doorgeeft aan eenieder die zich aangemeld heeft

#### **4. Fietstunnel**

De provincie Fryslân is op dit moment bezig om voor de werkzaamheden via een aanbestedingsprocedure een aannemer te selecteren. De keuze van de aannemer zal begin december bekend gemaakt kunnen worden. De start van de bouwwerkzaamheden zal eind 2009/begin 2010 zijn. De aannemer moet de tunnel uiterlijk medio 2011 opleveren. Na de gunning van het werk zal de verdere communicatie rondom de ontwerpen en de bouw van de tunnel opgepakt worden. De aannemer en de provincie zullen de betrokken dorpen en omwonenden via een informatieavond laten zien hoe de tunnel en de omliggende wegenstructuur eruit komen te zien en hoe de werkwijze en planning is. Ook zal er aandacht zijn voor de te verwachten verkeershinder en de tijdelijke verkeersmaatregelen. De informatieavond zal te zijner tijd via de lokale media en via uitnodigingen aan de direct belanghebbenden bekend worden gemaakt. De provincie streeft ernaar om de realisatie van de fietsbrug over het Van Panhuiskanaal in 2009 af te ronden. Over een evt. fietspad naar Jousterp is nog geen duidelijkheid.

#### **5. Opknappen Waltaweg en de Hemdijk.**

Onder leiding van Henk van der Zee is er een protestbrief gestuurd. Alle Waltawegbewoners hebben deze protestbrief ondertekend. Helaas kregen zij in april bericht dat het financieel niet mogelijk is, om de aanpak van de Waltaweg op korte termijn uit te voeren. De aanpak van de Waltaweg zal nu naar verwachting in de periode 2009-2010 plaatsvinden.

#### **6. Gemeld bij de gemeente.**

Klimop bij fam. Kootstra is gesnoeid!

#### **7. Einde jaarverslag.**

Dorpsbelang Tjerkwerd: Rob Dijkstra, Robert Tiesma, Bouwe Speerstra, Theo Galema, Astrid de Boer, Hedwich Terpstra en Elma Draaisma.

## Korps fan Tjerkwerd in boppeslach

Op it Nijjiersbal spile it doarpskorps Eensgezindheid wer dat de fonken derfan ôf spatten. Wat in sfear bringe jim mei jim muzikale ynbring. Neist de kwaliteit is dat lêste in net te ûnderskatten rykdom foar in lyts doarp as Tjerkwert. Op 'e tiid ris troch de buorren, belangrike bydragen oan feestlike hichtepunten leverje, fertjintwurdiging nei bûten ta sadat jim Tjerkwert ek yn dat fermidden dúdlik op de kaart sette. Ja wy binne wiis mei jim.

In net te ûnderskatten wearde leverje jim ek op de betide krystmoarn as der in keppeltsje muzikanten waar en wyn trotsearret om it doarp wekker te meitsjen mei it spyljen fan moaie, sfearfolle krystlieten. It is in rike tradysje dy't wurdich is om bestean te bliuwen. It heucht ús noch as de dei fan juster doe't wy foar it earst op de betide moarn fan de Earste Krystdei oangenaam ferrast waarden troch it korps dat mei in grutte ploech troch de buorren gong, sa'n bytsje fan lantearnepeal nei lantearnepeal om dêr yn it ljochtskynsel de moaiste krystlieten de wrâld yn te struien. Nei ôfrin is der dan earne yn it doarp in gearsit ûnder it genot fan in smaaklike brea tafel. De lêste jierren yn it sfearfolle tsjerkje fan Joop en Akke. Wy sprekke de hoop út dat jim dizze tradysje noch hiel lang yn stân hâlde meie.

De redaksje



Jaarvergadering Oranje vereniging

“Mei inoar ien”

Vrijdag 13 februari 2009

## Fan de iisklub fan Tsjerkwert

Spitigernôch kin de iisklub de nije iisbaan dit winterskoft noch net brûke. Alle leden fan de iisklub ha in kaartsje fan ús ûntfongen wêrmei sy fergees ride kinne op de iisbaan fan Parregea. Fijn fansels dat de iisklub fan Parregea posityf op ús fraach hjiroer reagearre hat.

Mar as it dan winterwaar wurd en it iis leit yn de sletten, dan wolle jo as iisklub fansels ek graach in hurdriderij hâlde en dan ek noch it leafst yn Tsjerkwert. Ús iismasters wienen al in pear dagen mei de mjitstok op paad west en op 30 desimber koenen wy in wedstriid foar de bern útskriuwe. Dizze wedstriid waard holden op âldjersdei op 'de Sylroede', neist de pleats fan famylje De Wit. It wie roetkâld en wat mistich mar om 10.30 oere koenen wy los mei in moaie ploech dielnimmers. Earst wienen de âlderjongsten oan bar, de 4 en 5 jierrigen. In pear ha we foarich jier ek al sjoen by de hurdriderij mar foar oaren wie it eins de 1e kear dat se op redens stienen. It wie prachtich om te sjen en eltsenien moedige de riders best oan. De iene hie noch in stoel nedich mar in oaren koe al selsstannich oer de finish komme. Úteinlik wie **Sanne Galema de snelste, waard Liesbeth Speerstra twadde en Marly Steegstra tredde**. Dizze bern koenen dernei gau oan in fertsjinne kopke waarme poeiermolke mei in koekje.

Gau gienen we fierder mei de kategory 6 en 7 jierrigen. De beide jonges yn dizze kategory, Jildert Boersma en Lucas Bijlsma, koenen goed ride mar waarden der dôchs ôfrien troch de froulju. De útslach hjir wie **Kirsten Bijlsma earste, Sjoukje de Jong twadde en Sygnie Steegstra tredde (foto)**

De bern fan 8 en 9 jier wienen der al hielendal klear foar en ek hjir somstiden in spannende striid mei sa en no en dan sels wat triennen as ien der ôf riden waard. De striid om it tredde plak bygelyks wie spannend; Arnold Huitema ried earst Rianne Hiemstra der ôf, Rianne kaam sels noch te fallen mar waard troch it publyk wer op de been holpen. Dernei ried

Rianne hurder as Arnold en dus wie it kamp en moasten se noch ris. Doe blykte dat Rianne dôchs te sterk wie en dus waard sy tredde. Troch it lot moasten de suskes Jildou en Marrit Speerstra fuortendaliks tsjinelkoar ride. Alhoewol Jildou in moaie slach hie, koe se it net fan Marrit winne. En dat wie al hielendal gjin skande want Marrit ried úteinlik eltsenien derôf! Yn in spannende finale wie de tige goed ridende



Sjoukje, Kirsten en Sygnie

Ilse Galema dôchs net snel genôch en dus wie de útslach hjir: **Marrit Speerstra earste, Ilse Galema twadde en Rianne Hiemstra tredde.**

Yntusken hie elts no wol ferlet fan in kopke poeiermolke want it waard der net waarmer op! Mar waarm waarden we wol wer fan de hurdriders yn de kategory 10, 11 en 12 jier. Hjir wienen 10 dielnimmers; 5 famkes en 5 jonges. Miskien koenen de jonges wat better oer de kjeld mar yn elts gefal waarden de fammen der allegear ôfrieden en sadwaande gong it by de ferdieling fan it earemetaal om de jonges. En der waard flein, as der net in



Ilse en Rianne inaksje

lint spant west hie dan hienen dizze dielnimmers samar yn Blauhûs west. Ek hjir wienen 3 prizen te ferdielen: **Thomas Huitema earste, Sven Bijlsma twadde en Klaas-Jan Haytema tredde.**

Daliks nei de lêste finish wie de priisútrikking want eltsenien woe gau nei de kachel. Foarsitter Wiebren de Jong rôp de winners nei foarren en ûnder applaus krigen se allegear in prachtige medaille. Noch gau waarden der wat foto's makke en de lêste poeiermolke opdrongen. It wie kâld mar tige de moaite wurdich en as iisklup kinne we tefreden werom sjen. We hoopje fansels dat de winter trochset en dat we ek noch in hurdriderij foar grutten hâlde kinne en oare aktiviteiten mar dan moat eins de Trekfeart sterk genôch wêze. En ja, wer't eltsenien miskien stikem wol wat op hopet, soe d'r komme.....??



Sven, Thomas en Klaas-Jan

**Einliks wer in hurdriderij fanôf 13 jier.** Yn 2002 wie de lêste hurdriderij foar 'grutten' west en dus woenen wy as iisklup fansels dit spektakel graach wer ris hâlde. It bleau best friezen en dus skriuwden wy in wedstriid út foar woansdeitejûn 7 jannewaris. Mar Kening Winter liet it woansdeis wat ôfwitte en it iis waard d'r net better op. De iismasters fan ús iisklup Jan Postma en Bertus Walsma krigen stadichoan al wat pine yn't liif; kaam it wol goed? Bij Bertus joech de termometer middeis 8 graden oan (en dat wie net ûnder 0!). Mar nei nochris mjitten en iis ferkenne waard it beslút nommen: 'It giet oan'. Plak fan barren wie de opeart op Beabuorren. En it wie in prachtich sicht as jo fanút Tsjerkwert oanriden kamen; de grutte ljochten baanden en dat wie yn de fiere omkriten te sjen. Eltsenien koe harren op de baan opjaan. Spitich wie dat de dielname yn bepaalde kategoryen net sa grut wie. Mar derom wie de sfear



der net minder om; elts hie d'r sin oan en sommigen wienen sels wol in bytsje senuweftich. De earste start wie foar de jonges en famkes o/m 15 jier. Hjir wienen 3 dielnimmers dy't striden om de prizen. En stride dat dienen se! As iennichst famke wie it foar Lianne Huitema saak de ear fan de froulju te rêden. De beide jonges rieden ek allemachtichst, dat belooft wat foar de takomst! Úteinlik waard **Djurre Zijsling 1e, Lianne Huitema 2e en Harmen Postma 3e.**

No wienen de froulju oan bar. De kategoryen 16 o/m 29 en 30+ wienen byelkoar setten sadat we in list hienen mei 7 riedsters. Helena Zijsling en Jacobien Postma makken der daliks al in spannende striid fan; beide wûnen in kear en nei nochris riden wie Jacobien de snelste. Hotske Burghgraaf en Thea Zijsling waarden d'r ôfriden troch de jonge froulju mar it wie gjin skande want beide froulju riden poerbêst. Jacobien moast it doe mei Froukje en Freerkje Walsma noch opnimme tsjin Aggie Walsma. No as jo der fan ferlieze hoege jo je net te skamjen want se fleach sawat oer it iis. Útslach by de froulju fanôf 16 jier: **1e Aggie Walsma, 2e Freerkje Walsma en 3e Jacobien Postma.**

By de manlju 16 o/m 34 jier wienen ek mar 3 dielnimmers: Auke en Ids Walsma en Pier-Jan Zijsling. Dizze mannen wienen ek oan elkoar weage en dat wie fansels foar it publyk hiel aardich. Auke riid úteinlik de beide oare mannen der ôf en sa waard hjir de útslach: **1e Auke Walsma, 2e Ids Walsma en 3e Pier-Jan Zijsling.** Eltsenien hie yntusken in lekker kopke poeiermolke han en we seagen út nei it slotstik fan dizze hurdriderij; de manlju fanôf 35 jier. Foar de kategory 50+ wienen 2 dielnimmers: Sjoerd Breeuwsma en Jehannes Dijkstra. Yn de rigels fan it hurdriden fan ús iisklup stiet dat yn in kategory minimaal 3 dielnimmers wêze moatte en dus waarden dizze mannen tafoege oan de list fan de manlju fanôf 35 jier. Yn de earste rit moast Theo Galema it opnimme tsjin Yde Schakel. De earste kear wûn Yde, mar Theo kaam werom; hy joech yn de 2e rit tsjin Yde alles en sa waard it dus kamp. As it no kaam troch de grutte oranje mutse fan Yde dat witte we net mar Yde ried Theo d'r ôf. De 2e



rit wie al like spannend: Sjoerd Bouma tsjin Thomas Burghgraaf. It seach d'r allegear tige 'relaxd' út by Sjoerd; ûnder it riden hie hy de peuk noch yn de mûle! Mar 'schijn bedriegt' want Sjoerd wûn fan Thomas nei 3 spannende ritten.

Yn de 3e rit helle Jøhannes Dijkstra alles út de kast om ien fan de favoriten Jelle Zijsling d'r ôf te riden. It publyk moedige de riders goed oan. It wie Jelle dy't beide kearen as earste oar de streep kaam. Sjoerd Breeuwsma probearre yn de 4e rit Anno Galama te snel ôf te wêzen. Mei in prachtige slach ried hy nei de finish mar it wie net genôch; Anno is ek in goeie rider en hy wûn úteinlik.

De lêste rit gyng tusken Andries Steegstra en Jan Postma. Andries wie by de lêste 2 hurdriderijen (yn 2000 en yn 2002) de snelste! Soe hy fannejin foar de tredde kear de wikselbeker binnen helje?! Jan Postma liet him hjir net troch ôfliede en riid syn eigen race. Dôchs wie it net genôch om Andries te ferslaan. Stadichoan wienen der noch wat minsken út it doarp nei Beabuorren setten want sy woenen allegear dizze striid fan tichtby meimeitsje. Yde ried no earst tsjin Thomas. Thomas moast belies jaan want Yde wie net by te hâlden. Der wienen al geruchten lâns de baan dat Yde noch in 'spoedcursus' fan Ids Schukken han hie?! Dernei wie Jelle de winner yn de striid tusken him en Anno. It wie no dúdlik; de prizen gienen nei Jelle, Yde en Andries mar wa soe winne? Andries en Yde riden earst tsjinelkoar. Mar dit koe Yde net winne. En doe wie it tiid foar de grutte finale; Andries tsjin Jelle! Wat wie dit spannend. Nei de earste start hie Jelle in misslach en like Andries te winnen. Mar Jelle kaam d'r wer by en sa kamen se tagelyk oer de streep. Yn de 2e rit wie Jelle de winner. No moast it foar Andries yn de 3e rit barre; hy sette goed útein mar dernei wie it dien. Andries hie in misslach, kaam wer oerein en probearre troch te gean mar krige doe ynienen kramp yn syn foet en hy moast opjaan. Spitich dat dizze titanestriid sa eindige. Jelle wie dus de winner en dat wie fansels ek dik fertsjinne want hy is ek net te beriden. Alleast dat tochten we allegear... Aggie Walsma tocht der oars oer. Sy dage Jelle út om it tsjin har op te nimmen.

En Jelle moast belies jaan! In leuk slotspektakel foar it publyk. De útslach by de manlju wie dus: **1e Jelle Zijsling, 2e Andries Steegstra en 3e Yde Schakel.**

De priisútrikking fûn plak yn it Waltahûs wer foarsitter Wiebren de Jong eltsenien ek noch betanke foar it meidwaan. Al mei al wie it in slagge hurdriderij. Oare kear hoopje we wer op de iisbaan te kinnen én dan fansels mei mear dielname!



